

FNP-fraksje  
ornearre foar de hear S. Posthumus

Ljouwert, 12 maaie 2015  
Ferstjoerd, 12 MEI 2015

Ús merkteken : 01214255  
Ôfdieling : Kennis & Ekonomy  
Opsteld troch : M.D. Ledegang / (058) 292 59 47 of m.d.ledegang@fryslan.nl  
Jo merkteken : -  
Taheakke(n) : -

Ûnderwerp : Beântwurding skriftlike fragen oer yngripen Autoriteit Consument en Markt by breedbân ynternetprojekten

Achte hear Posthumus,

Mei dizze brief beantwurdzje wy jo skriftlike fragen dy't jo op grûn fan kâst 39 fan it Reglemint fan Oarder yntsjinne hawwe. Jo fragen binne op 9 maart ynkaam en binne registrearre ûnder nûmer 01202144. Al earder hiene wy jo yn ús brief fan 31 maart 2015 mei merkteken 01206189 ynformearre dat wy mear tiid fanneden hiene om antwurd te jaan op jo fragen.

*Fraach 1a:*

*Is it Kolleezje op de hichte fan it yngripen troch de 'Autoriteit Consument en Markt' by it projekt breedbân ynternet yn Langedike?*

Antwurd Fraach 1a:

Ut it kontakt dat wy yn de ôfrûne perioade hân hawwe mei KPN, de Autoriteit Consument en Markt (tenei: ACM) en it inisjatyf yn Langedike, komt nei foaren dat ACM net yngripen hat. Allikemin is der in klacht yntsjinne by ACM op grûn wêrfan't sy yn aksje kaam is.

De situaasje yn Langedike dêr't jo nei referearje is as folget:

KPN is de grutste partij dy't it netwerk aktivearret (fakterm is beljochter) fan partikuliere glêsfzeloanslutings yn Nederlân (mei in footprint<sup>1</sup> fan sa'n 2 miljoen oanslutings) en biedt in romme kar-út foar bewenners. Fierdersoan kinne oare partijen dy't digitale tsjinsten oanbiede (fakterm is wholesale partij) ek glêsfzels hiere tsjin deselde betingsten.

---

<sup>1</sup> Fakterm dy't brûkt wurdt om oan te jaan wêr't in oanbieder fan digitale tsjinsten aktyf is.

De bewenners-inisjativen dêr't it hjir om giet (Langedike, Brekkepolder-Teakesyl, Snitserdyk, Jistergea-Follegea, De Fjouwer Doarpen<sup>2</sup> en Hidaard) hawwe de foarkar útsprutsen om in fergelykber oanbod oan tsjinsten ôfnimme te kinnen as yn Ljouwert.

Dêrom is de kar fallen op KPN foar dizze inisjativen.

Neffens de lanlike foarskriften fan ACM jildt foar de eigen netwurken fan KPN dat oare wholesale partijen foar de doer fan twa moannen mei har tariedings úteinsette kinne om klanten te swyljen. Nei dy termyn meie KPN en de húsmerken fan KPN ek klanten beneikomme, wêrnei't ek it leverjen ek begjint.

Ut de petearen mei KPN oer de beljochting op de neamde netwurken die bliken dat geandewei it trajekt de foarskriften fan ACM ek fan tapassing binne op netwurken fan oaren wêrby't KPN noed stiet foar de beljochting. Fan sa'n situaasje hat yn Nederlân oant no ta nauiliks sprake west. Dit wiene nije ynsichten wêrby't KPN de foarskriften fan ACM ek opfolgje moast op de nêrre neamde fiif Fryske projekten. De inisjativen binne hjirfan op 'e hichte brocht, en guon dêrfan hawwe yn 'e tuskentiid om mear tiid frege om it projekt út te fieren.

*Fraach 1b:*

*Binne it Kolleezje al mear gefallen bekend dat dêr sprake fan is?*

Antwurd Fraach 1b:

Ja, lykas wy by 1.a oanjûn hawwe binne de neamde foarskriften fan de ACM ek fan tapassing op de NGA-projekten yn Brekkepolder-Teakesyl, Snitserdyk, Jistergea-Follegea, De Fjouwer Doarpen en Hidaard.

*Fraach 1c:*

*Binne jim it mei de FNP iens dat in ekstra fertraging fan mooglik wol 3 of 4 moannen net winsklik is?*

Antwurd Fraach 1c:

Ja. Mar dizze projekten binne bûn oan de lanlike jildende foarskriften fan ACM dy't KPN opfolgje moat. Hjirfoar jildt in termyn fan twa moanne.

*Fraach 2:*

*Hat it Kolleezje sa'n yngripen troch de 'Autoriteit consument en markt' foarsjoen? Graach in taljochting op dizze ûntwikkelings.*

Antwurd Fraach 2:

Wy hoopje dat wy jimme yn ús antwurden by de earste fraach dúdlik makke hawwe dat wy sa'n yngripen net foarsjoen kind hiene. Lykas wy as de inisjativen binne troch ACM op 'e hichte brocht. Wy hawwe op dit stuit fan in oantal fan dy inisjativen fersiken yn behanneling krigen wêrby't frege is om de doer fan it projekt te ferlingjen.

---

<sup>2</sup> Hinnaard, Itens, Rien en Lytsewierrum

*Fraach 3:*

*Wat kin de provinsje Fryslân dwaan om yn ferlykbere gefallen op oare plakken yn Fryslân dêr't rap ynternet oanlein wurdt dit te foarkommen? Bygelyks in petear mei de Autoriteit om ta in ûnthefing of in generike oplossing te kommen?*

Antwurd Fraach 3:

It giet hjir om lanlike jildende foarskriften dy't ACM oan KPN oplein hat. Soks om ûnearlike konkurrinsje en merkfersteuring mei mooglik negative gefolgen foar de konsumint yn it foar te kommen. Op grûn dêrfan sjogge wy gjin oanlieding om mei ACM yn petear tegean om ta in ûnthefing of in generike oplossing te kommen.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,



(lccs)

J.A. Jorritsma, foarsitter



A.J. van den Berg, siktaris